



Is it ferstannich om Dantumadiel selsstannich bliuwe te litten?

In selsstannich Dantumadiel betsjut:

- ♥ In soad ekstra kosten.
- ♥ It risiko dat de foarming fan in nije organisaasje in grut fiasko driget te wurden.

Selsstannichheid sil in soad jild kostje. Wa sil dat betelje?

Sjoen de hjoeddeiske finansjele situaasje sitte wy hjir net op te wachtsjen.

De boargers fan Dantumadiel meie wy yn alle gefallen hjirfoar net bliede litte.

- ♥ Mei it each op de grutte fan de gemeente sil de diskusje oer de selsstannichheid ek faak weromkomme.

Foardielen fúzje:

- ♥ Gjinn eigen gemeenteried, griffy en wethâlders. In grutte besparing op de bestjoerskosten.
- ♥ Ien organisaasje wurkje litte foar ien gemeente sil betsjutte dat der minder amtners nedich binne.
- ♥ Oanslúting by Noardeast-Fryslân betsjut mear garânsjes foar it wolwêzen fan ús boargers yn de takomst.

In fúzje mei Noardeast-Fryslân jout jierliks in soad finansjele foardielen!

- ♥ Omdat de belestingdruk, sawat al it belied en útfiering troch deselde organisaasje, lykas no it gefal, sille de ynwenners net folle fernimme dat se yn in oare gemeente wenje sille.

Basearje jo stim net op emoasje mar op basis fan realiteit. Meitsje in ferstannige kar en stim tûk...

Stim FNP!

Wolle jo mear ynformaasje oer ús partij? Sjoch op ús webside of sosjale media:

 www.dantumadiel.fnp.frl

 www.instagram.com/fnp_dantumadiel

 www.facebook.com/FNPDantumadiel

 twitter.com/fnp_dantumadiel